

**Dodenherdenking 04 mei 2023.  
Bij het graf van William Robert Fisher en Cornelis Bosma op  
het kerkhof van de Sint Martinuskerk in Wirdum (Fr).**



Om 19.30 uur luidden de klokken van de toren van de oude Sint Martinuskerk om ons te herinneren aan de dodenherdenking.

Veel mensen verzamelden zich op het kerkhof en luisterden stil naar het luidden van de klokken.



Yvonne de Vries opent de bijeenkomst.

**Goeie jun allegear.**

Wolkom op dizze 4 maaie betinkst fan Wirdum, Wytgaard en Swichum. Fyn dat jim der by binne.



In speciaal wolkom foar Wiebe en Janny Kingma, sy hawwe as bern de oarloch bewust meimakke en sille jun de krans lizze.

Aanst fertel ik oer de oantinkens dy't sy oan de oarloch hawwe yn it doarpse libben.

Ien dy't ek de oarloch as bern meimakke hat, is de koartlyn ferstoarne dichter en ex-priester Huub Oosterhuis. We heare syn ferhaal oer de oarloch, dat hjit: 20 augustus 1943. Hy nimt us mei yn wat hy belibbe yn Amsterdam, it stedse libben. Wat hy meimakke, hat him foar altyd yn beweging setten.

Nei it hearren fan de Last Post, binne we 2 minuten stil mei elkoar. Elk kin syn gedachten gean litte oer oarlochs slachtoffers en hoe kwetsber fryheid is. Of wat oarloch betsjut.

Dernei hyse de jongeren van de skoallen fan Wirdum en Wytgaard de flaggen. We hyse wer de flag fan Oekraïne, der't de oarloch yn ien kear realiteit wie ferline jier. We soenen ek de flag hyse kinne foar Soedan

en Syrie wer't de situatie op dit moment soarchelijk is. Mar Oekraïne stiet yn in soad opzichten tichterby foar ús.

Al bliuwt Nederlan buten skot, de gefolgen merke we wol. Want trauma en leed halde sich net oan lansgrinzen.

Der binne fergeliken mei de Twadde wrald oarloch.  
 Krekt as doe, binne der ek no libbens dy't sneuvelje.  
 Minsken dy't hun famyljelid of freon ferlize. Hun  
 wrald dy't foar hun eagen fergiet. Evacuees dy't  
 underdak en feiligens sykje.  
 Libje mei oarloch, lit it nea gewoan wurde.  
 Anst wurde der in blomstik en in krans lein by it  
 oarlogsmonument, it gref fan piloat William Robbert  
 Fischer.



En der wurde blommen op  
 it gref fan Cornelis Bosma  
 lein. Dizze jonge man is yn de Twadde wrald oarloch as arbeider yn  
 in Dutske fabryk om it libben kaam.  
 Earder hjoed ha we yn Wytgaard blommen lein op it oarlofsgref fan  
 Joop Andringa. Joop wie tewurksteld yn Dutsland, hy kaam om by in  
 bombardement yn Osnabruck.  
 We fine it fyn dat we dit jier wer in berop dwaan kinne op it koar  
 Sawat Suver, de jongeren fan de skoallen en alle oaren dy't in  
 bydrage leverje oan dizze betinkst. Bedankt allegear der foar.

**Koar: Sawat Suver**  
 Wy lústerje nei it koar.



### **Gedicht Huub Oosterhuis**

We luisterden naar een geluidsfragment.

**20 juni 1943**

Gisteren tegen zonsopgang nam ik een taxi naar de rivierenbuurt van mijn jeugd. Daar droegen op een dag onze burens gele sterren en mochten niet meer op openbare banken met uitzicht op bloemperken.

Zo werd het zondag 20 juni 1943. Daar stonden vroeg in de morgen op alle hoeken lange blonde Duitse stoten met geweren en van hun verdiepingen daalden af met pannen beladen onze burens en overburens, onbekende bekenden.

Tot in de middag stonden zij op elkaar gedrongen en gebaarden. Een jonge man en vrouw hebben bij ons aangebeld. Mijn moeder doet open, begrijpt, sluit ze op in de gangkast, sleutel in haar schortzak.

Toen 10 minuten later zo'n mooie jongen met een Amsterdamse politieagent ons huis overhoophaalde, ontdekten zij in de schemergang niet het heiligste der heiligen en vertrokken onverrichter zake.

De 2 werden rond middernacht in een snelle wagen naar Portugal, dachten ze. Toen waren de duizenden verzamelden voor ons Roerstratraam al in trams gedreven en nog die avond in de trein naar Westerbork.

Het gebeurde voor m'n ogen. Ik dacht even dat de gele ster mij riep: "Wat doe jij verder met je leven?"



### Oer Wiebe en Janny Kingma.



In skoftsje lyn wie ik bij Wiebe en Janny Kingma. Ik frege hun foar it lizzen fan de krans. De ferhalen fan de oarloch kamen fuort op tafel. It wie yn hun jeugd, mar de bylden, de ferhalen en it gefoel ferjit je net, seinen se. Dy bliuwe je altyd by.

Wiebe groeide op yn Wytgaard, Janny yn Deinum. Wiebe fertelde dat hy Wurdum nei skoalle gong. Oer de houtsjes. Yn de winter hoechden se

net nei skoalle. De besetter hie de branstof opeist, de grutte kachel yn skoalle koe net stookt wurde.

Sadwaande kaam master by de bern thus om it húswurk te bringen en foar heit en mem stiekum it krantsje fan it ferset tusken de papieren.

Moarns huswurk meitsje en middeis mei freonen it lan yn te polsstokspringen. Op in dei, se wienen flak by de Weidumerdyk, seachen se yn de fierte in groepke Dútske soldaten op'e fyts oankommen. Der tusken yn draafden 2 jonge mannen fan in jier as 20. Wiebe en syn freonen skrokken en skeaten hurd de underwal yn. Doe't se flakby wiene, frege ien fan de jonge

mannen oft se even stopje koenen om ut te resten. De Dútske soldaten raasden dat dat wol koe, mar dat hy dan foar altyd reste soe. Dit makke in grutte yndruk op Wiebe en syn maten en oant op de dei fan hjoed wurdt hy der nog lilik en ferrietlik fan.

Werom dogge minsken elkoar dit oan?

Leve mei oarloch, It wie net sa da't je der alle dagen in soad van murken, mar de driging wie der altyd wol. Angst en unsekerheid, foaral by de alders. Oer as je wol by elkoar bliuwe soenen as gesin.

En wa te fertrouwen wie yn de mienskip.

De mienskip, dy wie belangryk. Minsken dy't it net breed hienen, koenen iten krye by café Hoekstra, tsjinoer it hus fan Wiebe.

Ek by Wiebe thús skowden faak extra minsken oan. Elkoar helpe. Dat stie heech yn it vaandel.

Janny fertelde ek wat har it measte by bleaun is. By Deinum waard de trein nei Harns besketten. De mannen fan it doarp soenen ophelle wurde troch besetters om de trein wer



tagankelijk te meitsjen. Har mem gong fuort lans de doarren om alle mannen fan it doarp te warskogjen. Dan koenen se harren ferstopje of fluchte. In pear mannen reden dit net en waarden ophelle mar lokkich koenen se dernei wer nei hus.

Libje mei oarloch, hoe wurket it troch yn generaasjes. Soms net, as der net in soad bard is yn famyljes. Yn oare famyljes wurket it generaasjes troch of binne der dingen wer't net oer praat wurde mei.

Jongeren hearre it faak net mear út de earste han. Se geane fia oare kanalen op syk nei it ferline. Is it erg dat se net mear de ferhalen hearre kinne fan de generaasje dy't de oarloch meimakke hat? Miskien net, it is in oare tiid en we moatte ek fierder.

It is wol goed dat we der gevoelig foar binne. Dat we net tsjin oer elkoar steane mar de dialoog voere.

Each hawwe foar wat der yn de wrald oan de han is.

By bygelyks opkommend populisme en unferdraagsemheid.

Lokkich libje we yn in lan wer't in soad kin en wer't we in soad fryheid hawwe. Meastentiids kinne je weze, wa't je weze wolle. En sizze wat je sizze wolle.

It soe moai weze dat we ús allegear ferantwurdelijk fielle om de fryheid troch te jaan oan de nye generaasjes.

Libje mei oarloch, lit it nea gewoan wurde.



**The Last Post werd gespeeld en samen waren wij om 20.00 uur twee minuten stil.... I**

**Het Wilhelmus klonk en wij zongen mee. Tegelijkertijd werden de vlaggen door de jeugd in top gehesen.**



**De krans is namens het 4 mei comité gelegd door Wybe en Jannie Kingsm bij het graf van sergeant William Robert Fisher. Nynke Kool legde bloemen namens de dorpschool.**



**Bij het graf van Cornelis Bosma  
werden bloemen gelegd door Bregje  
Zijlstra. .**




Vervolgens werden door de kinderen en de leden van het comité rode rozen op de graven van Fisher en Bosma gelegd.



Hierna verliet iedereen in stilte het kerkhof waarbij bloemen konden worden achtergelaten bij de graven.





Foto's: ROB